

Bydrage FNP Kadernota 2015, PS 25 juny 2014

Skôging Annigje Toering

NB allinnich de sprutsen tekst jildt !

Foarsitter,

Weromsjend op it ôfrûne jier sjogge wy in tal grutte ûntwikkelingen yn de wrâld om ús hinne dy't har wjerslach krije op it wol farren fan ús provinsje Fryslân.

Op wrâldnivo is dit it earste jier dat Sina de Amerikanen yn de statistiken ynhellet as grutste ekonomyske macht. Geopolitike ferhâldingen kantelje en dizze ûntwikkeling liket struktureel. Fryslân hat der ek mei te krijen. Mei it skrassen fan de Europeeske molkkwota en de nije groei fan de suvel foar de wrâldmerk rint Fryslân wer mei foarop.

Europeeske ferkiezings hawwe der ek west. It is helder dat it nije belied fan Europa ta giet op mear wol befinen foar har ynwenners yn stee fan allinnich mar mear Euro's. Der is ek in dúdlike ûntwikkeling nei in Europa fan de regio's. Dêr lizze de kânsen foar Fryslân foarsitter, dêr sil Fryslân har netwurken ferstevigje moatte. Oaren hâlde krampeftich fêst oan de nasjonale grinzen en in efterhelle belied dat rjochte is op 'âlde ekonomy' foar de eigen lidsteat. De FNP leveret syn streekrjochte bydrage oan in Europa dat demokratysker is, mear wol befinen foar de minsken jout en mear regionale bining.

Foarsitter,

De ryksfinânsjes wurde wat it begruttings/EMU-saldo oangiet wat better. Gelokkich. Is it Kolleezje mei it each dêrop ree om in lobby te fieren om de knipende maatregels nei de provinsjes ta, tink oan it Skatkistbankieren en de wet HOF, op te heffen of te fersêftsjen? Oerstallige regeljouwing moat sa gau mooglik ferdwine.

Tige ûngelokkich binne wy dit jier mei de spjaltende diskusje oer de wynmûnen, foarsitter, dy't út it Ryk wei oer ús komt. Wy hearre dêr de echo fan 'Kyoto', Europeeske ôfspraken en in Lannelik Enerzjyakoart yn. Wy sille der mei rêde moatte, mar de FNP soe graach wolle dat it draachflak foar de keazen maatregels aanst swierder waget as de technokratyske doelstellings. It Fryske lânskip, de romte en de hoarizon, ús hin mei de gouden aaien moatte wy net slachtsje mei in wynmûneprogram. Wy wachtsje de rapportaazjes fan Fryslân foar de Wyn ditoangeande ôf, mar it wiist op foarhân net goed. Wy fine it net goed dat yn sokke krúsjaale saken fan romtelike oardering, nota bene in kearntaak fan de provinsje, it Ryk úteinlik dochs it lêste wurd hat.

En dan wiene der noch de ûnberoaide plannen om it hûs fan Thorbecke te ferbouwen. De Earste Keamer en letter ek oaren hawwe sa wiis west om de healwize

opskalingsplannen fan minister Plasterk foar it iepenbier bestjoer ôf te wizen. Doel en middel waarden troch inoar helle; it bleau oant it lêst ta folslein ûndúdlik wat it regear hjir mei berikke woe. In grutskalige burokratyske 'superprovinsje' sûnder identiteit hat gjin kâns fan slagjen, of sa't ien op ynternet reagearre op dit nijs: 'ik wenje yn Fryslân al yn in superprovinsje.'

Goede ûntwikkelingen wiene der ek foar it Frysk. De Wet gebrûk Fryske taal makket dat oerheidsorganen no al bewuster omgean mei de Twadde Rykstaal, de taal fan in soad boargers dy't se tsjinje moatte. Ek oangeande de Wet op it Frysk yn it primêr ûnderwiis wie der foarútgong te melden. Der komme no toetsen en leerlingfolchsystemen foar it Frysk lykas by alle oare fakken. It foech is oerdroegen oan de Provinsje. Spitigernôch is it debat oer de takomst fan de regionale Omrop mei Den Haag noch net útiten. In sûne strukturele finansjele basis foar de Omrop liket yn dizze kontekst dreech mar dêr moatte wy al op ta. As iennichste Frysktalige publike Omrop is dit in hoekstien ek fan it provinsjale Fryske taalbelied.

Foarsitter,

Op finansjeel mêd stiet Fryslân der goed foar! En dat nei beslútfoarming oer in ynvestearringsplan dat syn wjergea net ken yn de skiednis fan Fryslân.

Hjir yn de Steaten is wolris diskusje oer asfalt en beton versus de oare sektoaren. Op side 13 fan de Kadernota stiet in grafykje dêr't moai út op te meitsjen is wêr't it measte jild oan útjûn wurdt. Noch altyd is dat programma 2, ferkear en ferfier en dat nimt sels noch behoarlik ta, fan 20% yn 2014 nei hast 40% fan de totale begrutting yn 2018! Der is oan it begjin fan dizze Steateperiode wol sein dat de Fryske ynfastruktuer fierhinne klear is, mar der dûke hieltyd wer nije saken op om besteande ynfastruktuer te ferbetterjen. Akwadukten, sluzen, krusingen. En wat wy ienkear oanlein hawwe freget ek struktureel ûnderhâld. Soks hat in grutte ynfloed op ús provinsjale mearjierre begrutting. Om ús kin dat wol wat minder, foarsitter; de provinsje Fryslân is mear as Wegen en Wettersteat!

It grutte ynvestearringprogramma Wurkje foar Fryslân dat wy by de Skôgings ferline jier yn de steigers set hawwe, begjint no te wurkjen. De FNP fynt it in goede saak dat it NUON jild dat troch de jierren hinne troch Fryslân opbrocht is, no werom stutsen wurdt yn wurk foar de Fryske mienskip.

Foarsitter,

Wiis binne wy mei 'kânsen in kearnen'. De finansjele dekking fan it provinsjale part wurdt yn dizze Kadernota regele. In tasizzing oan de streek wurdt dêrmei neikommen. Foar de doarpen wie mear leefberheid yn de kearnen om de Sintrale As hinne ommers ien fan de haaddoelen. Lyksa mei it nije belied foar it Lanlik Gebiet, dêr't de sa wurdearre

ynbring mei lytse projekten fan ûnderen op wer in plak yn krigen hat. It nije greidefûgelbelied betsjut in wêzenlik oare oanpak om de kleurrike greidebiotoop mei tal fan fûgels werom te krijen. Ek hjir leit wer in relaasje mei it Europeesk belied; de FNP soe graach wolle dat de griene en blauwe maatskiplike tsjinsten yn de Twadde Pylder fan it GLB yn ús provinsje aanst alle romte krije.

Noch twa oare saken, foarsitter. As earste de N359. Wy ha de yndruk dat der ferwachtingen wekt binne. Hoe wol de deputearre hjir mei omgean? Is it kolleezje fan doel om binnen de reguliere budzjetten fan programma 2 in oplossing te sykjen?

Dan Holwert oan See, in projekt mei fernijende kânsen foar wetterkearing, rekreaasje en toerisme, natuer en leefberens. Hiel Noard East Fryslân soe hjirfan profitearje kinne. It is no noch te betiid mar sadra at it helberensûndersyk posityf ôfsletten wurdt sil de FNP nei de simmer komme mei in moasje foar in brede Maatskiplike Koste-Baten Analyze.

Foarsitter,

Der is dit jier in soad foarútgong boekt by dizze organisaasje. Yn eigen hûs en mei Wurkje foar Fryslân. De hoop en ferwachting fan ferline jier, dat it algehiele betrouwen by de minsken werom komme soe, liket foar de ekonomy aardich út te kommen. Wy soene wolle dat soks aanst ek jilde kin foar it betrouwen yn de polityk as it giet om Europa en de wynmûnen. Wy wolle ús bydrage der oan leverje.

Tankewol.